

De strijd van Thewis Hobma

De kans dat Thewis Hobma vanmiddag op de schansen in het Hollandse Jaarsveld rond vijf uur als Nederlands kampioen fierljeppen gehuldigd wordt, is statistisch gezien klein. De Oosthemmer won tot nu toe slechts één grote titel.

Door Edwin Fischer

LEEUWARDEN – Thewis Hobma kijkt enigszins bevreemd op van de insteek van het interview: het winnen van prijzen, titels. Wie het fierljeppen volgt, kent Thewis Hobma. De bijna twee meter lange sportman die studeert aan de academie voor lichamelijke opvoeding (alo), is de laatste jaren een van de toonaangevende fierljeppers van Friesland en dus ook van Nederland. Maar wat velen niet weten, is dat op zijn erelijst slechts één grote titel prijkt.

In 2003 werd hij in Winsum Fries kampioen bij de junioren. In vijf seniorenseizoenen is de teller tot nog toe blijven steken op slechts elf dagtitels. Dit seizoen won hij drie van de 25 FLB-wedstrijden en was hij de beste in de Tweekamp met de Hollandse springers van de PBH. Het is een weinig verheffende erelijst en dat terwijl Hobma met in totaal 85 sprongen dit seizoen vaker dan wie dan ook in het hele Friese ljeppersgilde verder kwam dan 18 meter.

„Eins ha ik noait neitocht oer wêrom ik sa'n bytsje win”, bekennt Hobma. „Wolst altyd meidwaan foar de winst, mar ik ha my-

sels noait as in grutte kânshawwer sjoen of field. Ik kaam as juniorke by de senioaren en pakte yn myn earste jier drekt in de titel. It wie yn Gryptsjerk, mei 17,53. Dat wit ik noch omdat ik by it jaan fan de trainings yn Drylts foar de aardichheid wolris ien fan myn bekers oan de jeugd jou. En dy fan Gryptsjerk ha ik krekt fuort jûn. Se binne sljocht mei myn âlde bekers.”

Hobma bleef na dat prille succes echter steken. Het bleef ieder seizoen bij een paar dagtitels. „Anna Jet (Leijenaar, red.) is bygelyks mear as my in echte winner. Sy kin sels as se oer in ôfstân hinne moat dy't ek foar har muoilik is, dochts gewoan fierder springe en de wedstriid winne.”

Het is dezelfde eigenschap waarover ook Bart Helmholt beschikt, weet Hobma. „Bart en ik kinne tink ik like fier springe. No noch net, mar yn potinsje. No kom ik al yn de buert, ik ha ek al twa kear oer de tweintich meter sprongen. Mar Bart is in winner en it is muoilik dat te wêzen. Moatst it besef ha om winne te kinnen, dat is better as per ûngelok in kear in earste priis pakke.”

„Bart wol winne, ik wol better wurde”, stelt Hobma plotseling en die ene zin zegt alles over hem. „Eins ha ik pas ôfrûne winter de knop omsetten. Ik woe my altyd al sjen litte, mar no lis ik mysels eltse wedstriid ek de druk op om echt winne te wollen. En ik merk dat it wurket. Benammen yn de grutte wedstriden, sa as it Kerningsljeppen, de NFM en it FK. Dêryn ha ik better presteard as yn it ferline. Ik fyn dat ik mysels dit jier foar it earst echt by de absolute top

fan Fryslân rekkenje mei.”

Of hij het NK vandaag zal winnen, betwijfelt hij. „Ik doch itselde as op it FK. Ik begjin mei in sprong tusken feilich en skerp. Sa wol ik in dikke 18 of in lytse 19 meter delsette en eins al hast seker fan de finale wêze.”

„Mar om te winnen sil ik dochts dik oer de 20 meter moatte en of dat slagje sil is net te foarsjen. Want fierljeppen is in hiel mentaal spultsje. Moatst yn in soarte fan 'flow' komme, dysels hiel skerp krije om it gefoel te kreearjen datst de winnende sprong meitsje kinst. De striid mei dysels, yn dyn eigen kop, is it muoilkste fan it ljeppen. Ast dat goed behearskest, sa as Bart, dan winst in protte titels.”



Thewis Hobma bereidt zich voor op een sprong door een fietsband rond zijn voet te knopen.

Foto Roelof Stroetinga